

Sjueryrapport Rink van der Velde-priis 2026



De winner mei de sjuery fan de Rink van der Veldepriis 2026:

Fan links nei rjochts: Rixt van der Heide, Marga Claus, Baukje Zijlstra en Meindert Reitsma

(foto: Sieta Stel Fotografie)

Bêste minsken,

Wolkom by de útrikking fan de Rink van der Velde-priis. Fan oktober 2025 ôf hawwe wy, Rixt van der Heide, Meindert Reitsma en Baukje Zijlstra, 16 proazaboeken lêzen en binne wy 5 kear byinoar kaam om út al dy boeken in winner te kiezen. Dêrby moat ús earst wat fan it hert: de kritearia soene wat ús oangiet wol wat dúdliker wêze meie, ûnder mear wat de yn te stjoeren boeken oangiet. Sa is de priis “ornearre foar oarspronklik en nij Frysk proaza, dat as in selsstannige boekútjefte (roman, ferhalebondel of novelle) ferskynd is. It is in literêre priis dy’t bedoeld is foar de proazasjenres dy’t Rink van der Velde beoefene hat, lykas de roman of it koarte ferhaal.” Om dy reden foelen guon boeken ôf dy’t wol kwaliteit hiene mar net ûnder de troch Rink van der Velde beoefene sjenres falle, lykas literêre non-fiksje.

“It moat boppedat gean om in boek dat literêre kwaliteit kombinearret mei in tagonklike skriuwstyl, wêrtroch (nei ridlike ferwachting) it boek oantreklik is foar in yn de Fryske ferhâldings breed publyk.” Dy formulearring fûnen wy foaral net helpend op it stuit dat der mear as ien goed boek oer wie. Literêre kwaliteit en tagonklike skriuwstyl binne op harsels al frijwat subjektive begripen, dy’t ek nochris tsjinstridich oan inoar wêze kinne. Dêrneist twivelen wy hoe’t wy ús de gearstalling fan in ‘yn de Fryske ferhâldings breed publyk’ foarstelle moasten en watfoar faktoaren dêr dan in rol by spylje moasten: leeftiid, eftergrûn, taalbehearsking? Yn ús earste gearkomste hawwe wy de foar ús te brede kritearia omset nei in pear konkrete hânfetten oangeande de kwaliteit fan it boek dy’t op syn minst meinaam wurde moasten, te witten: skriuwstyl, taalgebrûk, struktuer (opbou, plot), spanningsbôge, ûntjouwing fan personaazjes en fan tematyk. Dat hat ús holpen om de úteinlike winner te kiezen.

Wy wolle earst lykwols koart stilstean by wat dat ek al neamd wurdt yn eardere sjuery-rapporten en der op delkomt datst dúdlik it ferskil fernimme kinst tusken boeken dy’t wol en net redigearre en korrigearre binne. Dêrby giet it net allinnich om taal- en typflaters, mar ek om ynhâldlike redaksje: wat hat in skriuwer te sizzen en hoe kin dat it bêst ferteld wurde? Bytiden stroffelen wy bygelyks oer de stereotypen, dêr’t benammen de froulike personaazjes nochal fan te lijen hiene: skande en mei in goeie redaksje maklik op te lossen. In oar krytpunt dat wol faker weromkomt yn sjueryrapporten is de boekfersoarging fan Fryske boeken, mar wat dat oangiet waarden wy mear as ien kear oangenaam ferrast.

Oer it algemien waarden wy it fluch iens oer de boeken dy’t ôffoelen, mar hoe minder kânshawwers der oer bleaune, hoe langer wy dêr oer trochprate koene. It wiene krekt dy boeken dêr’t wy ferskillende ynterpretaasjes fan hiene dy’t wy it meast nijsgjirrich fûnen en dy’t foar ús rekken oan wat literatuer krekt literatuer makket: mearsidigens en nuansearring, it oproppen fan fragen oer ynhâld en foarm. Opfallend wie dat realisme en it libben fan aldendei yn de hjoeddeiske Fryske literatuer de oerhân liket te hawwen. De measte boeken bleaune kwa ûnderwerp en tematyk ticht by hûs. Se geane oer it libben fan de skriuwer sels of oer dat fan minsken út de direkte omjouwing, mar wurde yn it bêste gefal wol boppe it heechstpersoanlike út tild. Dat jildt ek foar de trije boeken dy’t úteinlik oerbleaune.

Wy hawwe der bewust foar keazen net mei nominaasjes te wurkjen. Wêrom skriuwers fergees yn spanning sitte litte, wylst der úteinlik dochs mar ien winne kin, en it effekt op media-oandacht en ferkeapsifers meastentiids heechút foar de winner merkber is? Doch s wolle wy neist de winner ek graach de oare twa boeken neame dy’t wy foar in twadde kear lêzen hawwe en dêr’t wy noch in hiele middei oer praat hawwe. It iene wie *Geller* fan Gabriëlle Terpstra, in semi-autobiografysk, notiidsk proazadebút dat fan de earste side ôf in folslein eigen stim jout oan minsken dy’t it sêft sein net al te bot troffen hawwe yn it libben, en dat it hiele boek lang folhâldt, sûnder in grisseltsje selsmeilijen en grôtfol drûge, skrinende humor. It oare wie *Leafde yn oarlochstiid* van Willem Verf, in goed skreaun, moai foarmjûn, yn alle opsichten geef boek oer de leafde tusken de Fryske heit en de Dútske mem

fan de auteur, dat perspektiven jout op de Twadde Wrâldoarloch dy't oant no ta net in soad omtinken krigen hawwe yn de Fryske literatuer.

Dat ja, no wie it oan ús om trije boeken tsjin inoar ôf te wagen dy't neffens ús alle trije literêre kwaliteit keppelje oan in tagonklike skriuwstyl. Op dat stuit hawwe wy ús listke mei konkrete hânfetten der noch mar wer ris by pakt. Alle trije de boeken binne basearre op in wier bard ferhaal, mar in grut ferskil sit him neffens ús yn de wize wêrop't de ferskate literêre middels brûkt binne om dat ferhaal oer it fuotljocht te bringen. En sa kamen wy út by de winner fan de Rink van der Velde-priis 2026: Marga Claus har roman *Libbe*. 'De namme as begjin fan in libbensreis,' sa't de ferteller seit, mar ek it ôfslutend mulwurd fan 'libje'. In ferhaal oer in heit, de tige warbere en fitte 90-plusser Libbe, en in dochter, Gryte. Yn 'e rin fan ien dei – tusken de moarns dat Gryte it berjocht krijet dat har heit de doar net iependocht en de jûns dat sy der efter komt wat der dy deis bard is – komt Libbe syn hiele libben yn oantinkens en ferhalen foarby, en dêrmei ek dat fan Gryte, har mem en oare dierberen.

Tiden en perspektiven, ferteltiid en fertelde tiid binne yn dit boek fernimstich ferfrissele, wat mei foar de spanningsopbou soarget. Tagelyk wurde der fragen oproppen op it mêd fan metafiksje, sûnder dat dat twongen oerkomt. It giet oer it ûnderskied tusken feit en fiksje, oer de rol en relaasje fan heit en dochter yn en bûten it ferhaal, en yn dat ferbân ek oer de rol fan skriuwer en ferteller, mar ek oer hoe't it ûnthâld en it fertellen fan ferhalen wurket. 'Wat wy no belibje kleuret ús tinken oer it ferline,' konstatearret Gryte op in stuit. Har partner Fleur is skriuwster en jout skriuwkursussen, en oan 'e ein docht bliken dat sy al in skoft dwaande is Gryte's oantinkens oan en ferhalen oer har heit op te skriuwen. Dy stikken binne yn it boek kursyf set, mar it duorret efkes foardat dat te plak falt. De struktuer fan it boek is sterk en spilet in wichtige rol. Yn in stik oer Fleur har tarieding foar in nije skriuwkursus giet it bygelyks oer wat struktuer is en hoe't it wurket, mar tagelyk lit it sjen hoe'tst dat dan dochst yn in roman.

Der bliuwt lykwols mear as genôch romte foar de eigen ynterpretaasjes fan de lêzer. Dit is in boek dêr't wy alle trije hiel ferskillende lêsunderfiningen by hiene, en hoe langer wy deroer praten, hoe mear tema's, ynfalshoeken en reade linen wy ûntdutsen. Soms hiel ferrassend, lykas by de kleur blau, dy't bepalend is foar bûten- en binnenkant fan it moai foarmjûne omslach, mar dy't ek weromkomt yn ûnder mear de blauwe plakken dy't Libbe's keunst foar trochsetters him opsmyt. Fierders giet it oer útienrinnende tema's lykas ferline en takomst, kontrôle útoefenje en loslitte, en de relaasje tusken âlden en bern, dy't mei de nedige ôfstân en net allinnich mar posityf werjûn wurdt. Dy mearsidigens makket it boek bygelyks ek geskikt foar lêsgroepen en besprekken yn edukatyf ferbân, mei omdat it in werkenber ferhaal is, meinimmend skreaun en tidleas genôch om lang aktueel te bliuwen.

It neiwurk, dat bestiet út in ferantwurdig, in neiskrift en in ôfslutend haadstik mei de titel 'Foar alles is in tiid', foeget nochris in ekstra laach ta oan it boartsjen mei doe en no, feit en fiksje. It ropt fragen op oer it ferstjerren fan de heit yn it boek en yn it echt, en oer wat dat docht mei de roman sels. Yn de ferantwurdig stiet it sa: 'Blykber woene wy de romanheit en ússels de pine fan in lang en pynlik ôftakelingsproses besparje en besochten wy binnen in parallelle wrâld dêr't alles wier wêze kin de dea slûchslim in slach foar te wêzen.' Koartsein: dit is it wurk fan in fakfrou, dy't wit hoe't se it ark fan de literatuer brûke kin. Lokwinske, Marga Claus, mei de Rink van der Velde-priis, en alle lêzers, mei dit monumint foar in heit.

De 16 titels

Anko, Pieter: Iepenbiering

Boersma, Piter: It libben fan Fimme Lap

Breteler, Anne-Goaitske: Oan 'e ein fan De Oere

Bylsma, Meindert: Moard op 'e steger

Claus, Marga: Libbe

Hogeterp, Ben: Orpah

Kootstra, Douwe & Tjibbe Hooghiemstra: Fisk

Lautenbach, Catharina & Hilleke: De reis fan it famke

Oldenhof, Bouke: Monuminteman

Olivier, Jikke: It Langpaad

Rusticus, Klaas: It mostersiedsje

Scheltema, Freddie: Op it tsjerkhôf en oare brike ferhalen

Schokker, Jan: Frjemde fûgels

Terpstra, Gabrielle: Geller

Verf, Willem: Leafde yn oarlochstiid

Ybema, Klaas: Bern op 'e romte